

# heit & mem

*gratis & fergees*

NR.3 2023



Fjouwer generaasjes & Vervroegd  
in de overgang & Betrapé! & Tips  
voor slechte slapers

**Op zoek naar kinderopvang?**

Elke dag een mooie dag!

We bieden kinderopvang door heel Friesland: voor baby's, peuters en schoolkinderen tot 13 jaar. Kijk op [www.kinderwoud.nl](http://www.kinderwoud.nl) voor al onze opvanglocaties. Ieder kind verdient het om zich in een warme, geborgen sfeer te kunnen ontwikkelen en ontplooien!

**kinderwoud.nl**

**Grote avonturen beginnen klein**

**Wolkom verloskundigen**

**Warm welkom bij Wolkom verloskundigen**

Aanmelden 0512 - 540 510 [info@wolkomverloskundigen.nl](mailto:info@wolkomverloskundigen.nl)

Spreekuur locaties Drachten & Surhuistveen

Meer informatie [wolkomverloskundigen.nl](http://wolkomverloskundigen.nl)

**ferske**

## Op myn kontsje

Geartsje Douma / Mirjam van Houten

**Ik sit hjir op myn kont-sje, te sjon-gen by myn skuon-tsje. Leave Pyt hear-sto my wol? Goai fan-nacht myn skuon-tsje fol.**

Lüsterje hjir nei it ferske!

**Dit ferske komt út it winterboek 2-6 jier Afûk € 9,95**

**winterboek**

**Kinderopvang in Friesland**  
Buitenschoolse opvang | Kinderdagverblijf | Peuteropvang | Gastouderopvang

**Gewoon geweldig**  
wij bieden liefdevolle aandacht en geborgenheid voor ieder kind

**Kids First COP groep**

**Bekijk onze locaties op [kidsfirst.nl](http://kidsfirst.nl)**  
Meer informatie over gastouderopvang vind je op [kidsfirstgastouderbureau.nl](http://kidsfirstgastouderbureau.nl)

**Vragen? Bel: 088 – 035 0400**

**SPREEUWENDANS PROTTERDÜNS**

Fototentoonstelling Erik Hijwege

30 SEPT. 2023 T/M 7 JAN. 2024

NATUURMUSEUMFRYSLAN.NL

**Kinderopvang in Friesland**  
Buitenschoolse opvang | Kinderdagverblijf | Peuteropvang | Gastouderopvang

**Gewoon geweldig**  
wij bieden liefdevolle aandacht en geborgenheid voor ieder kind

**Kids First COP groep**

**Bekijk onze locaties op [kidsfirst.nl](http://kidsfirst.nl)**  
Meer informatie over gastouderopvang vind je op [kidsfirstgastouderbureau.nl](http://kidsfirstgastouderbureau.nl)

**Vragen? Bel: 088 – 035 0400**

## FAN DE REDAKSJE

28



### ***Dieuwke van der Meer (haadredakteur)***

Op it momint dat ik my ôffrege wêr't ús trijejerrige soan wie, hearde ik him de trep ôfkommen. Ik rûn nei him ta en seach dat leave, oandwaanlike en ûndogenske snûtsje dat hielendal ûnder de puere súkelade siet. It siet him oan 'e earen ta. Noch altyd spitich dat ik dêr gjin foto fan makke ha. Us Jilles wie him fan gjin kwea bewust. Doe't ik him frege wat er dien hie, sei er hiel earlik dat er súkelade iten hie, dat er fûn hie op mem har buro. Lytse bern binne nijsjirrich en fine wol gauris wat út. En guon âlders binne sa tûk om dêr wol in foto fan te meitsjen (foardat se lilk wurde.) Sjoch op side 28 foar mear machtige foto's.

Kolofon



**Redaksje**  
Dieuwke van der Meer  
Hieke Rienstra

**Skriuwers**  
Tine van Knijff-van Hijum  
Nynke van der Zee  
Ciska Noordmans  
Marrit de Schiffart  
Marieke Vinckers  
Klasina van der Werf

**Fotografy**  
Hippe Kiek Fotografie by Sjoekje

**Foarmjouwer**  
BW H ontwerpers  
[www.bwhontwerpers.nl](http://www.bwhontwerpers.nl)  
[info@bwhontwerpers.nl](mailto:info@bwhontwerpers.nl)  
tel.: 058 - 213 35 43

**Korreksje**  
Ytsje Steen-Buwalda

**Advertinsjeferkeap**  
Mediabureau Wolf

**Printwurk**  
Ink69  
[www.ink69.be](http://www.ink69.be)

**Redaksje-adres/útjouwer:**

Afûk  
Postbus 53  
8900 AB Ljouwert  
[www.afuk.nl](http://www.afuk.nl)  
[ynfo@afuk.nl](mailto:ynfo@afuk.nl) / [ynfo@heitenmem.nl](mailto:ynfo@heitenmem.nl)  
tel.: 058 - 234 30 70

**Distribúsje**  
Heit&mem is in meartalich tydskrift en spesifyk rjochte op âlders mei bern yn Fryslân. Fansels net allinne foar heiten en memmen, mar ek foar alle oare opfieders fan bern fan 0 oant 12 jier.

Heit&mem ferskynt 2 kear yn it jier yn in oplage fan 36.500 eksimplaren en is fergees te krijen by skoallen, boekhannels, biblioteken, gemeentehuizen en in protte oare iepenbiere romten. Sjoch foar de ferspriedingslist op [www.heitenmem.nl](http://www.heitenmem.nl).

Yn septimber 2023 ferskynde in ekstra edysje fan de heit&mem. Dizze heit&mem is dêrmei it tredde nûmer dat yn 2023 ferskynd is.

**Losse nûmers**  
Losse nûmers kinne besteld wurde via [websjop.afuk.frl](http://websjop.afuk.frl), foarsafier op foarried.

ISSN: 1878-4437

Heit&mem kinst ek folge fia:




Utjûn mei stipe fan de provinsje Fryslân.

**provinsje fryslân**  
**provincie fryslân**



### ***Hieke Rienstra (redakteur)***

Sizze jim bern 'do' tsjin jim? Of brûke sy de tredde persoan as se jim oansprekken? ('Wol heit myn skuon oandwaan?') Doe't wy jimme dêrni fregen op social media, blykte dat it grutste part fan jim bern net 'dookje' mei. Jim fine it respektfol en fatsoenlik om yn de tredde persoan oansprutsen te wurden, in oansprekfoarm dy't foaral yn Fryslân in soad brûkt wurdt. En eins bin ik it dêr hielendal mei iens, it klinkt dochs fijner as je roppen wurde mei 'Wol mem even komme?' yn plak fan 'Mem, wolst even komme?' (of slimmer noch: 'Mem, kom!'). Earlik sein is dat lêste by ús thús wol faak de situaasje. Sjen oft wy it tij noch keare kinne...



22

12



### ***Ciska Noordmans (redakteur)***

4 of sels 5 generasjes bynoar yn in keamer, en ek noch mei-inoor lêze en skriuwe kinne. By de senioaren seach ik wetterige eagen fan grutskens en glimmende eagen dêrt de ûndeugd fan ôfstrielt. Folwoeksken bern dy't har ferbûn, hast ferfrissele, fiele mei de generasjes ûnder en boppe harren, en jonge bern dy't yntuifity oanfiele dat beppe en oerbeppé, pake en oerpake in feilige haven binne. Ik seach oerienkomsten en ek grutte ferskillen, mar wat my it meast rekke, wie it respekt en de leafde foar inoar. Mear lêze? Sjoch side 12.

## YNHÅLD

- 03** Sinteklaasferske
- 04** Fan de redaksje
- 06** heit&mem nijs
- 08** Frysk yn 'e klasse
- 11** Sa prate wy thús
- 12** Fjouwer generasjes
- 18** De bernekeamer
- 22** De tredde persoan
- 25** heit&mem podcast
- 26** Bernepraatsjes
- 27** Column Sjoukje de Boer
- 28** Betrapé!

- 31** Afûk-boekpanel
- 32** Nije boeken!
- 35** Frysk boekjes foar beginnende lêzers
- 36** Angst voor de bevalling
- 38** In Fries om utens
- 39** Column Johannes Haanstra
- 40** Vervroegd in de overgang
- 42** Meer bewegen en minder schermtijd
- 45** Zelf stickers maken
- 46** Tomkeferhaaltsje
- 47** Ferneamd

Wolsto wat oan ús kwyt?  
In bysúnder ferhaal, in moaie foto, in goeie tip of gewoan dyn miening ergens oer? Mail it ús of stjoer it op! [ynfo@heitenmem.nl](mailto:ynfo@heitenmem.nl)

Heit&mem  
Postbus 53, 8900 AB Ljouwert.  
Of sykje ús op fia Facebook,  
Instagram, Pinterest of Twitter.

# heit&mem nijs

## Op de cover

Op de cover stiet Aant Wieberen Bouwe Koonstra. Aant wurdt 18 novimber 4 jier, en hy is ien fan in trijeling. Hy hat noch trije sussen. Aant mei graach bûten boartsje, foaral as it reint. Mar hy mei ek graach by pake op it hiem omstrune. Aant syn pake en beppe wenje neist him en ha in leanbedriuw. Aant is gek op trekkers, shovels, hakselers en alles wat rydt. Hy mei ek graach donderjeie, dan glimme syn eachjes sa moai. Hy fûn it hiel nijs gjirrich om op 'e foto te kommen.



## Nij! Fryske digitale berneboeken op Bereslim!

Fan de boeken 'Hasto Oaljefant sjoen?' en 'Timen op 'e tegels' binne no ek digitale berneboeken makke. De animaasjes nimme de bern mei it ferhaal yn, dat ferteld wurdt troch Sjoukje Jager. Mei in pakket fan Bereslim.nl kinne skoallen, berne-opfangorganisaasjes, logopedisten en biblioteken de digitale printeboeken brûke as oanfolling op it 'papieren' boek. Mar se binne ek hiel geskikt foar thús! Asto lid bist fan de bibliotek (bern kinne fergees lid wurde!) dan kinst mei dyn bibliotekspaske ynlogge op bereslim.nl. Sjoch ek op: <https://www.bereslim.nl/fries-bereslimmeboeken/>



## Poppe fan de moanne



maaie 2022

Fenna Elzinga  
út Makkum  
(berne op 16.02.2023)



juny 2023

Sterre Noëlle Goudriaan  
út Dokkum  
(berne op 17.11.2022)



july 2023

Fedde Stielstra  
út Stiens  
(berne op 28.05.2023)



augustus 2023

Lisa Hanna  
út Drachten  
(berne op 30.05.2023)



augustus 2023

Pieter Ponse  
út Jobbegea  
(berne op 08.07.2023)



september 2023

Lynn Jia-Mei Zijlstra  
út Grootegast  
(berne op 20.07.2023)

## KEIMPE DE KROKODIL

### Wisto dat...

- online edysjes fan heit&mem ek (fergees) te downloaden binne fia websjop.afuk.nl?
- Keimpe de Krokodil alle moannen in lêstip jout op heitenmem.nl?
- wy fergees dyn Fryske bertekaartsje neisjogge? Mail dyn úttypete tekст nei [ynfo@heitenmem.nl](mailto:ynfo@heitenmem.nl) (dus gjin foto of pdf stjoere)
- der in nije oerset-app te krijen is? Sjoch: [oersetter-app.nl](https://oersetter-app.nl)
- heit&mem in projekt is fan de Afûk?



### Podcast

Hasto him al belústere? De nije podcast fan heit&mem? By elk heit&mem-magazine ferskynt ek in podcast. Belústerje se allegear fia [www.heitenmem.nl/podcast](http://www.heitenmem.nl/podcast)

Is dyn poppe, buorfamke, neefke of beppesizzer de moaiste poppe fan de wrâld? Upload dyn foto op [www.heitenmem.nl!](http://www.heitenmem.nl/) De poppe mei de measte stimmen kriget in Frysk poppepakket tastjoerd. Dochst ek mei?

Wiesto  
bang foar de  
befalling?

Sliep-  
problemen  
mei ien fan  
de bern?

JA      NEE

Us bern  
sizze...

Wol heit/mem...

Wolsto...

# FRYSK YN 'E KLASSE

Tekst: Tine van Knijff-van Hijum | Foto: Hippe Kiek Fotografie



## Deiritmekaartsjes

De skoalle wurket ek mei deiritmekaartsjes yn de trije talen. Doe't ik nei de simmer yn groep 5 de Nederlânske kaartsjes foar alle wissichheid neist de Fryske kaartsjes ophong, seinen de bern: "Dat hoecht net juf, wy snappe it wol!" Dy kaartsjes makket Rinskje tegearde mi Suzanne Seepma, juf op CBS De Oanrin yn Twizel. 'Wy besykje tegearde learkrêften te ynpirearjen. Meatalich ûnderwiis is net lestich: lytse aanpassingen dogge al in soad!' Rinskje en Suzanne binne tegearde aktyf op Instagram: @defryskejuf

Rinskje Braaksma is juf fan groep 5 op de OBS Dr. Theun de Vriesskoalle yn Feanwâlden. De skoalle is krekt wer sertifiseare as trijetalige skoalle. Juf Rinskje stiet op trije dagen foar de klasse, mar is op de oare dagen ek oan it wurd. 'Dan wurkje ik "boppeskoalsk" om it meatalich ûnderwiis binnen Roobol noch better op de kaart te setten.'

Yn 2030 moat it Frysk op alle skoallen fan in goed nivo wêze, dat stiet yn it Taalplan Frysk 2030. Braaksma en har kollega's dogge dêr al in pear jier in bêste skep boppe-op: harren ûnderwiis is folslein trijetalich: Frysk, Nederlânsk en Ingelsk. 'Wy wurkje yn tema's foar in oantal fakken en ferbine dêr ek doelen oan foar de talen. Foarhinne seinen bern wolris: "Ha we no Frysk les? Dêr ha ik gjin nocht oan." No ha de bern net iens yn e gaten dat se in oare taal brûke: it is foar harren gewoan om yn meardere talen te learen. It hat folle meer funksje kriegen en dat makket it folle nofliker.'

## Grutsk

Bern yn groep 1 brûke soms alle trije talen trochinoar, fertelt Rinskje. 'Dat is hielendal net slim: harren brein is fleksibel en yn ûntwikkeling. Oer in pear jier falt alles fansels teplak. Ast der mar mei trochgiest.' En dat dogge se op dizze skoalle yn Feanwâlden. 'Wy fine dat it Frysk nea ûndersnije mei: wy meie grutsk wêze op ús kultureel erfgoed. Wy ha in entûsjast team dat der alle dagen fol fjoer foar giet, wy oerlizze in soad en riede de tema's mei-inoar ta.'

By Roobol fine se trijetalich ûnderwiis hiel wichtich. Rinskje krijt tiid en romte om oare Roobol-skoallen te helpen om ek trijetalige skoalle te wurden. 'Ik help teams op wei en ik tink mei oer harren fraachstikken. Ek oare skoallen ha belangstelling, sy komme bygelyks fanút Cedin by ús telâne. Wy litte se graach sjen wat we hjir dogge. Wy sjogge dat it wurket oan hoe't ús bern mei taal omgeane. Dat is prachtich om te sjen en te hearren!'



# We zijn jarig!

**Het familiebedrijf van de familie Klaver, viert dit jaar haar 70ste verjaardag. De babywinkel is sinds 1953 een begrip in Drachten en omstreken en maakt nog altijd dagelijks jonge ouders blij met de fijne service en de mooiste babyspullen!**

Het hele jaar kunnen klanten een 'trip down memory lane' ervaren in de winkel in Drachten en op social media. In de winkel in Drachten staat een wand met foto's van het familiebedrijf van de afgelopen 70 jaar.

## Veranderingen in 70 jaar

Hielke en Boukje Klaver openden in 1953 babywinkel 'Klaver's Speciaalzaak' op de Stationsweg in Drachten. Een winkel van 100m<sup>2</sup> met kinderwagens van maar drie merken: Koelstra, Riemersma en Mutsaerts. Inmiddels heeft het familiebedrijf vijf grote babywinkels tot 3.000m<sup>2</sup> en een complete webshop voor Nederland en België. Over het aantal kinderwagenmerken, -soorten en -kleuren maar te zwijgen... In 70 jaar is er veel veranderd in de babywereld.

## Derde generatie

In de jaren '50 woonden Hielke en Boukje met het gezin gewoon boven de winkel op de Stationsweg. Hun zonen Sietze en Jan Klaver, de huidige eigenaren, groeiden hier samen met hun twee broers en zusje op en hielpen hun ouders waar het kon in de babywinkel. In 1987 namen drie zonen de winkel over van hun ouders, waarvan broer Bert inmiddels is gestopt.

De broers hebben het bedrijf gerund onder de naam 'Klaver, baby's beste begin' en sinds 2000 staat de naam 'BabyPlanet' op de winkelgevels.

Inmiddels is ook de derde generatie toegetreden in het familiebedrijf. Sietze's dochter Lotte en Jan's dochter Kirsten zijn niet alleen nichtjes en collega's, maar ook beste vriendinnen. De combinatie van de jarenlange ervaring van de broers met de nieuwe inzichten van de dochters heeft een synergetisch effect op de huidige bedrijfsstrategie. Samen met een loyaal team nemen zij (aanstaande) ouders aan de hand, zodat zij zorgeloos kunnen genieten van de zwangerschap en babytijd. Want shoppen voor je baby is een feestje, zeker bij BabyPlanet. •

### 'Inspi op Insta'

Op Instagram laten we de mooiste setjes baby- en kinderkleding zien.

Scan de QR-code en vlieg direct naar Instagram. :-)



Boukje en Hielke Klaver, de pake en beppe van Lotte en Kirsten, openden in 1953 de eerste babywinkel.

Boukje en Hielke woonden met 5 kinderen boven de winkel van 100m<sup>2</sup>.

Zé zagen de kinderwagens 'van toen' er uit!

Onze babywinkels vind je in Drachten, Sneek, Assen, Meppel en Groningen • Shop online op [babyplanet.nl](http://babyplanet.nl)



Tweede generatie: Sietze en zijn vrouw Odette en Jan met dochters Lotte en Kirsten



Renske Wijma (37) en Carles Vallès i Castelló (46) wenje mei harren soantsje Ixent-Josep (6) en dochterke Janna-Elisa (3) yn Aldegea Smellingerlân én yn in doarpke flak by de Spaanske stêd Barcelona. Renske praat Frysk mei de bern, Carles Katalaansk.

'Sjoch, myn ûle hat in mûske pakt!' Yn de tún boartsje Ixent-Josep en Janna-Elisa mei harren sabare fûgels. As heit Carles bûten komt te sjen, wurdt de ûle ynienen in 'mussol' en it mûske in 'ratoli'. Yn dit muzikale gesin fiere it Frysk en it Katalaansk de boppetoan.

Tsien jier lyn treffe Renske en Carles elkoar yn it Poalske Krakau, dêr't se beide yn in ynternasjonaal orkest spylje. 'Op ús earste date praten wy Dútsk mei-inoar', wit Renske noch goed. 'Dat waard al rap Ingelsk en doe't ik hieltyd mear yn Barcelona wie, ha ik Katalaansk leard. Underling prate wy no Katalaansk, mar mei de bern brûk ik altyd it Frysk.'

Dy kar foar har memmetaal wie rap makke. 'Ik fyn it Frysk in prachtige taal, dy't foar my fielt as thús', leit Renske út. 'It fieldie fuort hiel fertroud om Frysk te praten mei Ixent-Josep doe't er berne waard. It is de taal dy't it tichtst by my stiet. En boppedat de taal dy't ik trochjaan wol oan ús bern.'

Presys datselde jildt foar Carles, dy't fan hûs út grut waard mei it Katalaansk. 'Katalaansk is krekt as Frysk in minderheidstaal, dy't troch hieltyd minder minsken yn Spanje brûkt wurdt', fertelt er. 'Dat is ivich skande. Ik bin hiel grutsk op myn taal. Fandér dat ik altyd Katalaansk praat mei ús bern.'

Frysk en Katalaansk foarmje tegearre in prachtich duet. 'Sûnder muoite skeakelje de bern oer fan de iene nei de oare taal. It binne krekt spûnskes, dy't alle nije wurden opstûgje', glimket Renske. 'Hjir op skoalle yn Aldegea leare se boppedat Nederlânsk en op skoalle yn Barcelona is Katalaansk de fiertaal, mar op it skoalplein prate de bern faak underling Spaansk. Se wurde dus grut mei fjouwer talen.'

Yntusken praat Renske floeiend Katalaansk en kin Carles it Frysk goed ferstean. Prate docht er it lykwols noch mar in bytsje. 'Ik fyn de Fryske taal prachtich, mar wol dreech om it sels te brûken', laket er. 'Faak beginne minsken automatysk Nederlânsk tsjin my te praten yn it doarp. Mar gelokkitch kin ik ien sin al flaterleas útsprekken: Praat mar Frysk!' ~

# Fjouwer generaasjes



*'Wy diele alles mei-inoar en besykje sûnder foaroardiel te libjen, mei respekt en mei leafde foar de oar.'*

Lidia Luisman-van der Veen (99)  
Hermie Luisman (73)  
Lidy de Wilde (51)  
Christine Visser-Reitsma (23)  
Zoë-Lynn Visser (10 moanne)

'We binne allegearre sterke vrouwen', seit Hermie yn de wenkeamer yn Bûtenpost. 'We binne hiel selsstannich en, op Christine nei, ek allegearre allinne.' Christine follet oan: 'Myn freon is seeman en is allinne yn it wykein thûs, da's fêst gjin tafal.' 'Sauze en klusse, dêr draaie wy ús hân net foar om,' follet Lidy oan, 'dat sit yn ús dna en fansels helpe wy inoar as dat nedich is.' Dizze fijf dames sjogge inoar regelmiittich en witte net wat se sûnder inoar moatte soene. As se by oma Lidia binne, prate se meast Nederlânsk en Tukkers mei-inoar, want oma Lidia komt út Enschede. Sy is in belangrike skeakel yn dit selskip fan sterke froulju. 'Het is zo belangrijk om goed te kunnen luisteren', seit se wiis. 'En het is allemaal heel gezellig met elkaar. Er is nooit ruzie.' Underwilens 'hartendartelt' se mei lytse Zoë-Lynn, dy't har oeroerbeppe taswaait.

Lidy: 'Wy komme yn elk gefal alle tiisdeis byinoar by oma Lidia. Dan dogge wy de boadskippen foar har en dan prate wy oma by mei alles wat wy belibbe hawwe. Faak gean wy earst even nei de Action en dan keapje wy wat te knutselen foar har,

diamond painting, skilderje-op-nûmer ofsa.' 'We doen allemaal graag iets met de handen, handwerken of knutselen,' seit oma Lidia, 'kopje koffie erbij, of soms een glaasje wijn tegen de koude voeten', laket se. 'We dele alles mei-inoar. Ik kin my net yntinke hoe't dat oars wêze kinne soe', follet Christine oan. 'We besykje sûnder foaroardiel te libjen, mei respekt en mei leafde foar de oar,' seit Hermie, 'dat ha ik yn de opfieding besocht troch te jaan.' Lidy hat dat op har beurt wer trochjûn oan dochter Christine. Lidy is der o sa wiis mei dat sy har mem, beppe en dochter ek ta har bêste freondinnen rekkenje mei. 'It luchtet somtiden echt op as ik eefkes myn ferhaal kwyt kin. As de dei dreech is, is dit it ljochtpuntsje. En de komst fan Zoë-Lynn is dat al hielandal. Sy is in libbensrêder, in treastblok foar ús. Echt in feestje!' De oaren knikke befêstigjend, as teken dat sy dat ek sa belibje. 'En ik hoopje dat ek wer troch te jaan oan Zoë-Lynn', seit Christine, dy't har famke op de achtste dei al by oma Lidia yn de earmen lei. 'Ik wol graach krekt sa'n bân mei Zoë-Lynn opbouwe as ik mei myn mem, beppe en oerbeppe ha.' ~

# Fjouwer generaasjes

Tekst: Ciska Noordmans | Foto: Hippe Kiek Fotografie



*'Wy hâlde fan in praatsje en dogge op feestjes graach it ljocht út. Stel je foar dat in oar dat dwaan moat.'*

Age de Jong (100)  
Tjerk de Jong (66)  
Age de Jong (39)  
Tjerk de Jong (11)

‘We hawwe allegearre brune eagen en grutte hannen,’ seit Tjerk jr., ‘dus wy hawwe wol wat faninoar.’ Tjerk sr. reagearret: ‘Wy trijen hawwe brune eagen, mar âlde pake sines binne blau.’ En as de beide Tjerken de hannen opstekke, kloppet it yndie; se hawwe beide lange slanke fingers. ‘Ik ha de hannen fan myn pake,’ seit Age jr. ‘De koalen kinne wy sa mei de hannen opskeppe’, laket er as er syn hannen op tafel leit.

It is ien en al reuring by de famylje De Jong aan de keukentafel yn Peazens. Yn e widze leit in lyts geef popke. Martsje Anneke is krekt op e wrâld, en makket mei har komst op e nj Tjerk jr. broer, Age jr. heit, Tjerk sr. pake en Age sr. oerpake. De kreamhelp en de konsultaasjeburomeiwurker binne oer de flier en elkenien sjoch fol bewûndering nei it lytse wyfke. Tjerk jr. jout syn suske leaf in tútsje op de foarholle as se skrieme moat by de hakkeprip. ‘Wy binne allegearre meilibjend en empatysk. Wy hâlde fan geselichheid, en humor ha we net’, seit Age jr. mei in grutte laits en twinkeleagen. It folk om e tafel laket.

‘Dus dêr dogge wy net oan’, follet Tjerk sr. oan en der rôlet wer in lachsalvo de keuken yn. ‘Wy ha deselde humor dus’, konkludearret Age jr. ‘We hâlde fan in praatsje en dogge op feestjes graach it ljocht út. Stel je foar dat in oar dat dwaan moat’, grapjaget er. ‘We binne rjocht foar syn raap, nochter en wy rinne nergens foar wei, en ast ús ienris kenst binne wy o sa guodlik. Mar we litte net oer ús hinne rinne, dat sjoch ik wol by ús allegearre werom.’ Syn heit knikt befêstigjend. ‘As ien my te fiter hat, krijt hy ‘m in kear werom,’ seit Age jr., ‘want wy kinne allegearre min tsjin ûnrjocht.’ Tjerk jr. werkent dat wol. Hy kin der op skoalle min mei omgean as de ferkearde straf krijt fan master. Tjerk sr. suchtet dat it ‘fêst de leeftiid is’, dat dat tsjintwurdich wat makliker giet. ‘Mar fierder’, seit Age jr., ‘kin ik mei elkenien troch ien doar. Wy binne net sa lestich om mei om te gean. Wy steane foar wat wy dogge. Pake hie eartiids in leanbedriuw, ús heit wie túnker en ik hannelje yn trekkers. Wy hawwe alle trije út it neat wei wat opboud, en dêr binne wy grutsk op!’ ~

# Fjouwer generaasjes

Tekst: Ciska Noordmans | Foto: Hippe Kiek Fotografie



*'Wij hebben elk een heel ander karakter, maar de krullen hebben we allemaal.'*

Bertha Bootsma-Kardol (72)  
Henderina Bootsma (52)  
Sanne Wytske Gerritsma (25)  
Benthe Landheer (3)

'Ik ha ús opjún foar dizze rubryk, want fjouwer generaasjes is eins bêst bysûnder', seit Sanne Wytske aan de keukentafel yn Spannum. Sanne Wytske wie kreamfersoarchster, mar is no gastâlder fan seis bern. Har mem Henderina hat har oppasdei en past hjoed op Benthe en Ferre. Henderina har mem Bertha is op 'e fyts kommen. Sy is mem, beppe en 'âlde beppe'.

'Wij hebben elk een heel ander karakter,' seit Bertha, 'maar de krullen hebben we allemaal.' Henderina follet oan: 'Us mem sil altyd de frede bewarje. Yn tsjinstelling ta ús dochter Sanne Wytske, dy is pittich! Dy batst deryn as se it ergens net mei iens is. Sels sit ik der wat tuskenyn. As it my de muoite wurdich is, dan lit ik my hearre, mar oars sykje ik de konfrontaasje net op.' Sanne Wytske laket, en werkent wol wat har mem seit. 'Ik ha hijr noch sa'n ûndogensk famke omspringen. Dêr sit ek in fonkje yn; sy fynt fan alles út en wol graach oandacht hawwe. Dy lit har net aan de kant skowe.'

Sanne Wytske: 'Op skoalle kaam ik al in soad by pake en beppe oer de flier. De doar stie altyd iepen. Pake is der no net mear, mar ik koe geweldich mei him opsjitte. Hy wie it type 'in man in man, in wurd in wurd.' No sjogge se inoar as famylje noch altyd regelmjittich. 'Mei de jierdeis, heitedei en memmedei komme wy altyd byinoar, dat fine wy gesellich. En om beppe har jierdei hinne ite wy altyd mei syn allen', fertelt Sanne Wytske. Bertha is hiel tankber en bliid dat it sa goed giet mei har bern, bernsbern en oerbeppesizzers en foaral dat der gjin rûzjes yn de famylje binne. 'Ik had nog nooit een baby vastgehouden. Henderina was mijn eerste kindje en het is allemaal goed gekomen', seit se emosjonearre, 'met elk heb ik een goed kontakt.' Henderina is op har beurt bliid dat it goed kommen is mei har bern. 'It wie in drege tiid neidat ik skieden wie en de opfieding foar in grut part op my delkaam, mar ús bân is goed', seit se grutsk en bliid.

'We hâlde allegear fan oprjochten, earlikheid en dûdlikheid. Dêr binne wy allegear fûl op', sizze de froulu as ik freegje nei it famyljegeheim fan safolle ferbûnens. 'Mar de grutste binende faktor is dat wy elkenien yn syn wearde litte.' ~

# De berne-keamer

Tekst: Dieuwke van der Meer | Foto: Hippe Kiek Fotografie



Mila Chandra (7) is de dochter fan Dita en Marco út De Knipe. Mem is sljocht op ynterieurstyling, mar Mila hat yntusken har eigen miening wat de ynrjochting fan har keammerke oanbelanget.

Mila wennet mei har heit en mem en har broerke Daan (1,5) yn it âlderlik hûs fan har heit. It hûs is al mear as 100 jier âld. En it grappige is: Mila slipt op it keammerke dêr't har heit, doe't er noch lyts wie, ek slipt hat. It keammerke hat skeane muorren, ta grutte ergernis fan Dita. Want no kin de kast mar op ien plak stean. Mar dochter Mila hat dêr gjin problemen mei, want no kin se lekker hingje en slingerje oan de balken. En Dita moat tajaan, dy skeane muorren jouwe wol sfeer oan it keammerke.

Dita: 'Ik bin as lytse poppe adoptearre út Yndia, en grut wurden yn De Knipe. Ik fyn it dêrom moai om wat lytse assesoires út Yndia te brûken op de keammerkes fan ús bern. Sa hat Mila in moaie tiger fan 'Doing Goods' op har keammerke hingjen dy't makke is yn Yndia. Yn it niske stean in pear oaljefanten en se hat ek in sieradedoaske stean út Yndia wei. Mila is sljocht op boeken. Se lêst it leafst op har bêd, smûk ûnder de klamboe. Se hat ek in buroke, dêr kleuret se no en dan oan. En at se freondintjes te boartsjen hat, dan boartsje se faak op it sêfte kleedsje dat op 'e grûn leit.'

Doe't ik yn ferwachting wie, hie ik de babykeamer wyt mei mintgrien makke, lekker neutraal. Letter ha ik mear blau brûkt en dêrni waard it âldrôs. Mar al ridlik gau makke Mila dûdlik dat se har keammerke oars ha woe. Se woe in pearse muorre. Ik soe dat persoanlik sels noait útkieze, mar ik fyn it ek belangryk om nei in bern te lústerjen. It is úteinlik har keamer.



# De berne-keamer


Bèzje is no in moadekleur foar keammerkes, en echt, ik fyn it prachtich, mar hoefolle bern soenen dat sels sa útsykje? Mila moat har wol fijn fiele op har keammerke. Dus as ik no wat keapje wol foar har keammerke doch ik dat altyd yn oerlis mei har. En at sy graach wat ha wol en it wurdt my krekt wat te rôs of te glitterich, dan slute wy in kompromis. Mila har broerke Daan is 1,5 jier, it kin him noch net safolle skele hoe't syn keammerke derútsjocht, dus dêr meitsje ik foarlopich noch mar even tankber gebrûk fan.'

Instagram fan Dita: @ditarithika ~



# De tredde persoan

*Mem. Wol mem, as it mem útkomt,  
efkes neitinke oer wêrt mem myn redens  
opburgen hat, mem? MEM?*



Gerbrich de Jong hat in promoasjebeurs kriegen om ûndersyk nei dit fenomeen te dwaan. Se wurket al sa'n sân jier as dosint Frysk foar de learare-oplieding fan NHL Stenden.

Friezen brûke faak de tredde persoan by it oansprekken fan minsken binnen de famylje. Se sizze bygelyks: ‘Wol heit dat foar my dwaan?’ Soms wurde ek de buorman of buorfrou of dosinten op dy manier oansprutsen. It giet om in yndirekte oansprekfoarm. Troch te sizzen: ‘Kin buorman de doar iependwaan?’ giest it brûken fan ‘do’ of ‘jo’ út ‘e wei. Mar faak is it ek in teken fan hoflikheid.

Wy fregen oan jim fia ús socials hoe’t dat by jim thús giet.  
‘Do’ of dochs de tredde persoan?

**Jellie Boersma-de Vries:** “Us bern sizze ‘wol heit of mem dit of dat dwaan’. It is neffens my in stikje respekt. ‘Do’ seist tsjin dyn freon of freondinne of sis mar dyn gelikens. Heit, mem, pake, beppe of wa dan ek dy’t in stik âlder as dy binne, sprekke je oan mei jo en net mei do! Dat heart in stik fatsoenliker.”

**Suzanne Dijkstra:** “Altyd do tsjin ús heit en mem sein (ik bin 40). Ik fyn it anno 2023 al hielendal net mear fan dizze tiid om yn de tredde persoan te praten.”

**Coriene de Boer:** “Altyd de tredde persoan, dat dogge we allegear hjir en binnen de famylje... klinkt folle fatsoenliker.”

**Nienke Minnesma:** “Wy binne dat ek sa wend. Sterker noch, by myn HBO-stúdzje yn Swolle die ik it ek. Doe sei ik tsjin de dosint: ‘Wil Janneke nog even naar mijn mail kijken?’ Wêrop’t sy hielendal ferûntwaardige reagearre: ‘Ik zit hier gewoon bij hoor.’ Se fûn it hiel apart, en neidat ik útlein hie dat it fanút fatsoen wie, sei se dat ik it net wer hoegde te dwaan. Oant dy tiid wist ik net dat it in echt Frysk gebrûk is!”

**Wian Wijma-van Smeden:** “Wy brûke de tredde persoan. Ik fyn dookjen\* mar neat. Do is foar leeftiidgenootjes. Mar net foar minsken dy’t âlder as jo binne.”

\*Dookjen: tutoyeren

**Geertje Kingma:** “Us jonges binne bûten Fryslân opgroeid. Fan jongs ôf oan hawwe se ús altyd by de foarnamme neamd en ‘jij’ en ‘jou’ sein. Wy hawwe dat stimulearre en fûnen it hiel gewoan, sy ek. De omjouwing hie der wat muoite mei. De jonges binne no 50 en 47 jier en neame ús noch altyd by de foarnamme.”

**Froukje Veldema:** “Yn de tredde persoan, sa ha wy it leard en sa leare ús bern it ek. It klinkt sa ûnfatsoenlik at je do sizze tsjin âlderen.”

# 'Zwanger worden is niet voor iedereen vanzelfsprekend'

Zwanger worden is fantastisch, maar niet voor iedereen vanzelfsprekend. Maar liefst 1 op de 6 stellen krijgt te maken met vruchtbaarheidsproblemen. Als je net zwanger bent kun jij deze wensouders eenvoudig helpen. Jouw urine bevat namelijk het hCG-hormoon, een belangrijke grondstof voor vruchtbaarheidsmedicijnen. Er is veel urine nodig. Letterlijk elke druppel telt. Daarom is Moeders voor Moeders dringend op zoek naar zwangere vrouwen die hun urine willen doneren.

## Over Moeders voor Moeders

Moeders voor Moeders is al meer dan 90 jaar supporter van vrouwen met een kinderwens! Als onderdeel van het farmaceutische bedrijf Aspen Oss B.V. zamelen we urine in van pril zwangere vrouwen. Uit deze urine wordt het hCG hormoon gewonnen. Van dit hormoon worden medicijnen gemaakt die worden gebruikt bij vruchtbaarheidsbehandelingen.

Voor de productie van vruchtbaarheidsmedicijnen gebaseerd op urinair hCG is veel urine nodig. Moeders voor Moeders is dringend op zoek naar pril zwangere vrouwen die hun urine willen doneren. Alle urine die Moeders voor Moeders inzamelt is bestemd voor het vervaardigen van vruchtbaarheidsmedicijnen.

## Meld je aan en deel je geluk!

Deelnemen kan van de 6e t/m de 16e week en je kunt je aanmelden t/m de 11e week van je zwangerschap.



Scan de QR-code en doe ook mee!



## Moeders voor Moeders

088 - 278 00 00  
info@moedersvoormoeders.nl  
moedersvoormoeders.nl

## Volg ons:

[moedersvoormoeders](#)  
[moedersvoormoeders](#)

# heit&mem podcast



Yn de nije podcast fan heit&mem prate wy mei Robert Colijn oer it hawwen fan in grutte húshálding, en mei berneboek-ambassadeur Tialda Hoogeveen oer har prachtige wark. Nijsgjirrich wurden? Gean nei [heitenmem.nl/podcast](http://www.heitenmem.nl/podcast) en harkje nei ús podcast.



Tialda Hoogeveen



Robert Colijn

## Kinderopvang in en om Leeuwarden

Scan mij voor  
meer informatie!



[www.sinnekinderopvang.nl](http://www.sinnekinderopvang.nl)

## Win!

Wolsto dit nije boek fan Paul van Dijk winne? Wy jouwe trije eksimplaren fuort! Gean nei [www.heitenmem.nl/podcast](http://www.heitenmem.nl/podcast) en beäntwurdzie de trije mearkeuzefragen oer de podcast en wa wit kinsto ynkoarten dit prachtige printeboek thús aan dyn bern foarléze.

Meidwaan kin oant en mei 29 jannewaris



Belústerje gau ús nije heit&mem-podcast op [www.heitenmem.nl/podcast](http://www.heitenmem.nl/podcast) of scan de QR-koade!

# BERNEPRAATSJES

Hat dyn bern ek fan dy útsunderlike útspraken?

Mail se gau nei [yinfo@heitenmem.nl](mailto:yinfo@heitenmem.nl).

Benthe (4) hat krekt har twadde wike op de basisskoalle hân en fertelt thús fol entûsjasme: 'Mem, der wienen hjoed mevrouwen op skoalle, spesjaal om yn ús hier te kribbeljen!' (luzekontrôle)



As Fardau (4) har mem de boekelizzer net fine kin, hat Fardau wol in idee: 'Oars docht mem der dochs in flapear yn?'

Elena (3) moat faak nei it sikehûs, mar sy neamt it krekt wat oars: 'It skitenhûs!'

In het dorp is een meisje geboren. Voor het raam hangt een slinger met "Hoera een meisje!" Iris (7): 'Zo... die heeft een lange naam gekregen!'



Naud (6): 'Wol mem de bh-doaze eefkes foar my pakke?' Mem: 'De bh-doaze?' 'Ja, dy mei de pleisters!' 'Oooh,' seit mem, 'do bedoelst de EHBO-doaze.'

Marjet (14) sjocht op har tillefoan in foto fan twa jier lyn. 'Goh ik bin wol upgraden!!'



Doe't Anke lyts wie en op in sneintemoarn tusken heit en mem yn lei op bêd en heit en mem noch wat oan it súzjen wiene, hie se der genôch fan. Se goaide de tekkens fan heit en mem ôf en sei: 'Sa, sil ik jim efkes útstopje?!"

Ilse (4): 'Ik ha it sa kâld, sjoch mar, al myn lytse hierkes komme út!'

Erik fertelt thús dat master ferteld hie oer 'de drie sipels'. Nei eefkes trochfreegjen waard dûdlik dat master it oer 'de discipelen van Jezus' hân hie.

## PAKE

Mei de elektryske miggeklapper pak ik in neef.

'Dea', sis ik.

Mei ik sjen? Teije springt op fan de bank en sjocht nei de neef.

Is dy echt dea?

'Ja', sis ik.

Ik klopje de miggeklapper út yn de pedaalamer. De neef falt op in stik keukenpapier. It deksel falt ticht.

Wêr is de dea dan? Is dat yn Afrika?

Nee, ast dea bist dan giest nei in plak dêr't wy net komme kinne. Sommige minsken neame dat de himel. Pake bygelyks. Mar pake libbet net mear.

'Ik ha gjin pake', seit Teije, wylst hy fierder bout oan syn lego.

'Ik hoopje dat ik noch wolris in pake krij.'

Ik wol net tsjin him sizze dat dat net gebeure sil.

Ik freegje my ek ôf wat hy foar byld by in pake hat. Ik stel my foar dat er fantasearret oer in fitale man dy't op knibbels oer de flier krûpt en dan in hynder neidocht.

Ik tink oan ús heit en moat dan ek laitsje. Us heit soe dat nea dwaan.

By it libben hie ik in yngewikkeld relaasje mei ús heit. Syn dea brocht my nêst fertriet ek de vrijheid om te kiezen foar wat ik wolle soe.

Ik doarde foar myn bernewinsk te gean. Allinne.

Ik hoefde my net langer ôf te freegjen wat hy der dan fan fine soe.

Ik tink noch best faak oan ús heit.

Soms op de frjemdste mominten.

At ik in kezyn stean te skuorjen of yn in boumerk bin.

De geur fan seachsel docht my tinken oan ús heit.

Mar ek at ik tegearre mei Teije yn ús hûske bin. We dwaande binne mei ús jûnsritueeltsjes. Ik stel my dan foar dat hy sjen kin wat wy dogge. En ik kin my dan eins net foarstelle dat hy net grutsk is op wat er dan sjocht. Teije krijt in oare jeugd as dat ik sels hân ha.

Mar wat soe ik graach wolle dat hy hijr ris oan de keukentafel siet.

En dat hy dan Teije oer de holle strike soe.

Ik romantisearje dit fêst. In gesprek slagge ús selden.

Al tink ik dat Teije in ûnderwerp wêze soe dêr't we beide ús hert oan ophelje soene. ~



Sjoukje de Boer (1987) is dosint, teätermakster, skriuwster, sjongeres en mem fan Teije (2019)

# Betrage!



Eden Feijten (4) út Snits hat mei permanent marker in moaie tekening op de bank makke. Doe't er yn 'e gaten hie dat heit en mem dat net sa leuk fûnen, soe er gau syn suske Amae (1 jier) de skuld jaan.



Wy wienen yn de ferûnderstelling dat Jurian Heeringa (3) út Twizelerheide al lei te sliepen yn syn bedsje. Mar hy wie der wer útkaam en hat him útlippe foar de spegel mei heit syn gel en mem har make-upwaste.



Noud Bakker (doe 1) út Ternaard hie de pot Sudocrem fûn.



Sanne Pilat (doe 4) út De Pomp hat dizze prachtige kreaasje makke mei in permanent marker. In Ford 'Picasso'. It siert op alle siden fan de auto. Lakkich foar ús (en har ;)) hawwe wy it der wer ôf krigen.



Roan Sietsma (3) uit Winsum heeft de make-updoos van zijn zussen gevonden! Hij kwam beneden en riep: 'Mem, kijk!' En hij had zichzelf even mooi opgemaakt!



Jelmer ter Schure (4) út Winsum woe graach even de maskara fan mem teste.



Fabian en Morris Rehorst (doe 5 en 4) út Ychtenbrêge fûnen it wol aardich om de folling fan de poef derút te heljen. 'Sjoch, snie mem!'




Ilse Katstra (4) út Sint-Anne sat ferdacht stil en stiekem achter hur passpiegel. 'Wat doestou?' 'Niks...' Hat se myn roze markeerstift fan 't kantoor pakt!



Fenna de Vries (1) út Bûtenpost sil har mei de waarme dagen wol even goed ynsmarre... net mei sinnebrânkrêm, mar mei Danootje!



It wie hiel stil boppe, te stil. Doe't we boppe kamen, seagen we dit. Ytsen en Tyme de Bruin (doe 5 en 4) út de Westereen hiene de fingerfarve te pakken krigen en op 'e kop smiten. It wie prachtich om dêrmei te kliderjen. Dat se der al reedridend trochhinne gienen mei harren bleate fuotsjes ha se letter allinnich oan beppe ferteld. We wiene net iens lulk, allinnich ferbjustere. Fingerfarve is by ús nea wer yn 'e hûs kaam. Dat moasten de bern mar by in oar dwaan.



Eise Terwisscha van Scheltinga út Warkum (op de foto hast 1 jier) fûn appelstroop hieel lekker!



Dieke Visser (doe 1) út Winsum is sljocht op alles dêr't men mei smarre kin, en as mem dan it taske mei ruften (en Sudocrem) op 'e kommoade stean lit en tinkt dat ik hearlik lis te sliepen... Tsja, dan hat mem it goed mis!



Het was verdacht stil in de badkamer. Toen ik ging kijken, trof ik Isa Linde Wetting (2) uit Leeuwarden zo aan.




